

hat ûnder Ljouw't / in bungalow boud / en sit no op 't kantoar by de AGO.'

Mar: de âlde binnenstêd begûn ek noch op in oare wize foar my te libjen. It strjitteplan fan it Ljouwert fan no moat der yn de lette midsieuwen ek al west ha. De wûnderlike skeane toer, de Aldehou — dat symboal fan Ljouwert — krige my hieltyd mear yn 'e besnijing. It ûnderwerp foar myn twadde roman hoegde ik dan ek net lang om te sykjen. Foar it skriuwen fan it ferhaal, dat spilet yn de turbulente tiid om 1530 hinne, haw ik earst ek wer hiel wat studearje moatten. Ik haw my yngeand ferdjippe yn de tsjerkeskiednis fan Fryslân en yn de bouskiednis. Mei myn timmermansachtergrûn wie ik hiel nijsgjirrich nei de tsjerkeboukeunst. Der besteane prachtige boeken oer de tsjerke- en tuorrebou yn de Midsieuwen. Bygelyks it fraachstik om eat wetterpas te krijen, is faak beskreaun. Yn dy tiid waard der in goatte by in muorre lâns hâlden dy't wetterpas wêze moast en dêrnei waard der wetter yn getten. As it wetter sljocht stie dan wie it wetterpas. Op Aldehou hie in basilyk komme sillen, mar al rillegau nei it begjin fan de bou begûn de boel te fersakjen.

De titel fan de roman is net alhiel korrekt, om't ik net de eigentlike boumaster — Jacob van Aken —, mar dy syn learling — Cornelis Frederiks fan Montfoort — as haadpersoan nommen haw. Ik haw it allegearre yn de earste persoan beskreaun. Dat beheint jin wol tige, want men kin op dizze wize allinne mar dingen beskriuwe dêr't de ik-persoan by west hat of dy't er fan treden heard hie. As tsjinspiler fan Cornelis Frederiks keas ik Pier van Burmania, in plattelânsedelman dy't wenne op it Burmaniahûs yn Ljouwert. Syn omke hie in tsjerklike funksje: hy wie deken fan

hiel noardeast Fryslân. Yn 'e leginde soe hy dy iene hoekstien lein ha wêrtroch't de Aldehou fersakke. De arsjiktekt lykwols wist wol oars: de bouput hie djipper wêze moatten. Under de hurde liemlaach dêr't er op boude siet noch in spûnzige feanlaach en dêrûnder pas it sân dêr't er op bouwe moatten hie. Jacob van Aken hie te folle harke nei de sunige Ljouwerter reginten.

Foar in grut part berêst it boek op fantasij. Ik krige der bygelyks sin oan om de histoaryske figuer fan de rjochtsgelearde Wigle van Aytta troch it ferhaal hinne te flechtsjen. Ik lit him freonskip slute mei myn haadpersoan, Cornelis Frederiks, de learling fan de âlde boumaster Jacob van Aken. Dat is klear fantasy, mar it paste der hiel goed yn. Ik hie hjirmei in figuer dy't de âlde Roomske tsjerke fertsjintwurdige foar de opkommende sekten en de dissidinten oer. Doe't de Aldehou boud waard hat Viglius ek echt even yn Fryslân werom west. Hy wie doe, sûnt 1531, dosint rjochten yn Padua.

De húshâldster fan Jacob van Aken haw iksels betocht; sy wie in ferstjitten dochter fan de grutte Siids Tjaarda fan Rinsumageast, yn dy tiid in machthawwer. In elemint dat troch it hiele boek hinnespilet, in soarte fan *Leitmotiv*, is it sieraad dat sy om 'e hals hat: it St. Andryskrúske. Dat wiist op it kettterske leauwen fan de húshâldster. Cornelis Frederiks rekket fereale op it fanke mar dy leafde rint krektlyk as de bou fan de Aldehou út op in folsleine mislearring. It is de dûbele misser dy't hieltyd wer nei foaren komt yn it boek. De húshâldster beslút by einsluten yn it kleaster te gean en stjoert de jonge boumaster in luthersk bibeltsje en har halsieraad. Uteinlik ferlit de boumaster teloarsteld de stêd Ljouwert en syn Kristyn, mei dit bibeltsje en *De lof der zotheid fan Eras-*

mus as reislektuer. Oan de ein fan it boek lit ik him it glinsterjend krúske yn it wetter fan it Ljouwerter Galgerak smite.

Mei dit boek haw ik de tragyk fan Ljouwert — en miskien fan it hiele libben — útkomme litte wollen. It ideaal fan de Ljouwerter reginten dy't grutte ambysjes hiene, foaral foar de grutte konkurrint Grins oer — de toer hie in meter heger wurde moatten as dy fan de Martini-tsjerke dy't tritich jier earder boud wie — en de delklap dy't dy grutskens úteinlik kriget, fûn ik hiel fassinierend. Der spilen oare dingen mei lyk as it stribjen fan Ljouwert om as haadstêd fan Fryslân erkend te wurden. Ljouwert hie konkurinsje fan bygelyks Starum en Harns dêr't ek blokhuzen wiene.

As ik tsien jier jonger west hie en mear de tiid nommen hie, hie ik fêst mear romans skreaun. Ik haw bygelyks omrûn mei plannen om de libbens fan Gysbert Japiks en fan Eeltsje Halbertsma yn romanfoarm te beskriuwen. Mar dy ideeën waarden op pakt troch Piter Terpstra en hy koe no ienkear folle hurder as ik. Ik bin eigentlik wat te let begûn. De skiednis hat ûnderwerpen by de rûs. Immen dy't soks op in oertsjûgjende wize sjen litten hat, is Theun de Vries. En it slagget him om ek nei syn njoggentichste jierdei mar troch te skriuwen. Op in erudite wize wit er him hieltyd wer yn de histoaryske ferhâldingen te ferpleatsen. De kombinaasje fan stúdzje en fantasje hawwe by him, yn myn eagen, laat ta masterwurken. Ik haw wolris tsjin him sein dat syn roman Baron — dat spilet yn it Parys fan Molière — yn it Frânsk oerset wurde moatte soe. Theun moast der hertlik om laitsje. 'Se tinke yn Frankryk allinne mar dat se it sels folle better kinne. Myn persoantsje komt der net oan te pas.' Sels haw ik yn dit ferbân wolris tocht dat by Theun faaks syn kommunistysk ferline noch mei-

spilet. Troch sa stiif fêst te hâlden oan it stalinisme hat er lang yn in ferdomhoekje sitten en as skriuwer in bûtensteander west. Nei myn roman oer de Aldehou krige ik in hiele aardige brief fan him; hy wie benammen wakker te sprekken oer de komposysje fan it boek.

Anne Wadman wie ek frij posityf. Ik wie wiis mei syn krityk, ek al wie er kritysk oer myn styl. Hy fûn it allegearre wat te moai en te retoarysk opskreaun. It wie syn styl net, mar dat hoegde ek net: it is myn styl. It leafdesferhaal fûn er te foarsichtich; hy hie it psychologysk oars ha wollen. 'In bolwurk fan fammige kekenens'. Dochs sleat er syn resinsje yn Frysk en Frij ôf mei de wurden: 'Tamminga mei bêst ris wer. Justjes soberder dan graach en wêrom net ris gewoan oer minsken fan no?' Ik fûn lykwols dat ik it frij hie om histoaryske romans te skriuwen; ús eigen tiid binne genôch romanciers oer gear. De moderne psychologyske roman is myn sjenre no ienkear net, mar beide sjenres hawwe rjocht fan bestean. Foar De boumaster krige ik de Piter Jelles priis — de literêre priis fan de stêd Ljouwert — dy't yn desimber 1986 útrikt waard troch boargemaster Te Loo yn in grôtfolle seal fan it Steedhâlderlik Hof yn de Fryske haadstêd.



OER HULDEBETOAN EN prizen haw ik ek fierders net te kleien hân. In oare priis, de Obe Postmapriis, de provinsjale priis foar oersetters, krige ik bygelyks foar myn oersettingen fan wurk fan Gysbert Japiks yn it Hollânsk. No wachtsje ik noch op de Nobel-priis foar literatuer, mar dêrfoar sil men wol de nedige kontakten